

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

|   |
|---|
| Yntsjinner: Liewe van der Pol<br>ChristenUnie   |
| Mei-yntsjinner(s):<br>Albert van Dijk, FvD<br>Elsa van der Hoek, GrienLinks<br>Harrie Graansma, PVV<br>Hanneke Goede, SP<br>Romke de Jong, D66<br>Rinie van der Zanden, PvdD<br>Theun Wiersma, 50PLUS |

|              |  |
|--------------|--|
| Moasje nr.   |  |
| Paraaf       |  |
| Wurklistpunt |  |
| Beslút       |  |

## MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

|                            |  |
|----------------------------|--|
| Steategearkomste           | 17 juni 2020   |
| Wurklistpunt               | 6 Reddings- en werstrukturearringsplan Thialf  |
| Koarte titel fan de moasje | Ûndersyk NRK beskútfoarmingsproses en kommunikaazje tidens realisaaazje en eksploitaazje Nij Thialf 2013 -2020 |

De Steaten, yn gearkomste byien op 17 juni 2020

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat:

- De realisaaazje en de eksploitaazje fan it Nije Thialf net oan de finansjele ferwachtings foldien hat dy't eartiids útsprutsen binne;
- It ûndersyk fan Lagroup yn sifers dúdlik manko's bleat leit;
- De belutsenens fan it bedriuwslibben efter bliuwt bij de ferwachtings;
- De no frege stipe dúdlik net genoch wêze sil om de kommende jierren ta swarte sifers te kommen;
- Der neist de gemeente Heerenveen en Provinsje Fryslân gjin oare oandielhâlders binne;
- It ûndersyk troch Lagroup in tal dúdlike sifers, konklúzjes en advizen sjen lit yn en oer de eksploitaazje fan Thialf yn de ôfrûne tiid;
- De sinne noch net skine mei foar it Nije Thialf.

oerwaagjend dat:

- It spannend bliuwt om mei "slank en slim" sawol de breedtesport, de amateursport en de topsport" yn lykwicht te betsjinjen;
- Dit wol de útdruklike winsk is fan de trainingsgroepen dy harren domisily hawwe op Thialf;
- It winsklik is in mear kânsryk businessplan dêl te setten;
- De topsport har ferskove sil nei û.ô. shorttrack en curling;
- Thialf furore makke hat en op de mondiale kaart stiet;
- De Noardlike Rekkenkeamer har dielnimmers frege hat om suggestjes foar ûndersyk yn te tsjinjen;
- De Noardlike Rekkenkeamer de taak hat, yn oerienstimming mei kêst 4 fan 'e GR, de effisjinsje, effektiviteit en wettichheid te ûndersykjen fan it belied dat folge wurdt troch GS.

**MOASJE**

## MOASJE

|  |   |
|--|---|
| sprekke har út:  |   |
| <ul style="list-style-type: none"><li>• De Fryske leden fan de advysrie van de NRK te freegjen ûndersyksfragen op te stellen foar in ûndersyk nei de gong fan saken yn it proces dat laat hat ta it Nije Thialf, werbij oanslúten wurdt bij de yn dizze moasje opnommen konstataarrings en oerwagings;</li><li>• Nammens de Steaten bij de NRK it fersyk del te lizzen of hja ree binne der ûndersyk nei te dwaan.</li></ul> |   |
| en gean oer ta de oarder fan de dei  |   |
| Yntsjinner(s)  | ChristenUnie – Lieuwe van der Pol<br>Forum voor Democratie – Albert van Dijk<br>GrienLinks – Elsa van der Hoek<br>PVV – Harrie Graansma<br>SP – Hanneke Goede<br>D66 – Romke de Jong<br>PvdD – Rinie van der Zanden<br>50PLUS – Theun Wiersma |